

**READE SNIE  
en SWARTE  
HAGELSTIENNEN**

## **Kolofon**

ISBN: 978 90 8954 889 4

1e printing 2016

© 2016, Josse de Haan, Hendaye - France

Utjouwerij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

[www.elikser.nl](http://www.elikser.nl)

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

persoanen en sitewaasjes yn dizze roman berêste op gjin inkelde oanwiisbere  
werklikheid bûten de realiteit fan de fiksje fan it ferhaal

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatysearre  
gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy,  
mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming  
fan de skriuwer en de útjouster.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other  
means, without written permission from the author and the publisher.

**READE SNIE  
en SWARTE  
HAGELSTIENNEN**

Josse de Haan





*'you who fell in love with death i 'll write you back into my life'*  
*gerrit achterberg – eurydice - 1946*

*'in skriuwer moat datjinge besykje te ûndersykjen wat minsken net  
iens doare te tinken' – w.f.bermans*

*'de bline nachtegaal sjongt dei en nacht' – françoise sagan*



*17 dagen monolooch*

alternative boerestedsroman





Foar *Geertruida Céline Lopes Cardozo* dy't yn 1959 de dichter Gerrit Achterberg en de prozaïst Louis Couperus oan my útlei op in soele jûn oan de Harnzerstrjitwei yn Ljouwert, en foar *Anne Verschoor* dy't yn Gent (april '62) op in nacht fersen fan Paul van Ostaijen foar my foarlies - twa froulju dy't net optocht mar helendal echt binne - literatuer dus. Beide hâlden út: *lit dy net fêstlizze oan kettings*.



## IEN

Se hawwe altyd sein dat ik yn it ferkearde hûs berne bin, yn de foute mem sitten haw, en dat ik dêrtroch minder berikke koe as wat der kwa oanlis yn my siet.

Dêr moast ik oan tinke doe't ik it berjocht fan de mem fan myn skoandochter krige, dat de beppesizzers har soargen oer my meitsje, en dat se yndirekt it eks-reptyl oanwize as grutte skuldige. Dy frou is der mei oan, se wit net wat se hjir op sizze moat.

Sa't se al seine, der skûle mear yn my as wat se ea op skoallen tochten. It petear tusken de pakesister en it reptyl, sa't ik niis trochkrige fan har oma, hingje ik op yn de keuken. It is perfekt, in skilderij hast. It hat wurke. Dit is better as deastekke, of yn ien kear fergiftigje. Stadich fergif struie wurket effisjenter.

*De dame mei harpsnaren tusken de boarsten* sa't er my ea yn in geile rite neamde hat sa har eigen ynstruminten - dy harpe dêr't er oer prate haw ik nea tastien om te bespyljen. Ik woe net dat dy wurke. It wie syn idee fyks, dat dan alles fan in leien dakje gean soe. Ik woe en wol net bespile wurde. Ik hâld mysels yn de stringen. De deadlike dialooch klinkt sa:

Famke: Beppe is ek allinne

Reptyl: Ja

F: Do bist fuortgongen

R: Ja

F: Wêrom bisto fuortgongen?

R: Dat wie better  
 F: Dat wie net leuk foar beppe  
 R: Nee  
 F: Wannear giest wer werom?  
 R: Mar ik bin dochs no by Anna?  
 F: O, ja  
 R: Dat hiest fergetten?  
 F: Ja, mar do wiest wol stout hear  
 R: Wêrom?  
 F: Dat tink ik. Do gongst samar fuort  
 R: Do tinkst in soad, h'n?  
 F: Allinne wêze is wol silich  
 R: Eigen skuld, dikke bult  
 F: Wat is dat?  
 R: Dat fertel ik dy letter  
 F: As ik grut bin?  
 R: Ja, ast heel grut bist

Ik fyn it skitterjend hoe't it famke him antwurdet, hoe't se him as skuldige oanwiist. Want dat wie er. Hy pakte oare wiven, hy hat my foar skut setten. Dat reptyl. Ik haw my helendal jûn, hy koe folslein oer my beskikke - ek al fûn ik der gjin soademiter oan, ek al griisde ik fan dy smoarge rotsoai. Hy twong my hast om de hele dei myn hannen te waskjen. De stank wie ferskriklik.

Ik haw him dat nea ferteld. Hy krige syn gerak. Wat woe er yn de goedichheid mear? Ik haw dat noait begrepen. Al dy manlju binne gelyk. Us heit wie ek sa'n reptyl. Akkoart, ús mem wie in sloof. Sûnder rook of smaak, mar ast in frou swanger makkest moatst de ferantwurdlikheid

nimme. No, dat dogge sokke reptilen net. Se tinke allinne oan harsels, oan har eigen geniet. As soe der neat oars bestean. It iennige watst as frou dwaan kinst is der gebrûk fan meitsje. Dat haw ik wol leard yn al dy jierren.

As it der op oan komt, kinst dy manlju stjoere. Al heel jong hie ik dat troch. Ast net fan de strjitte bist lykas ik, net út in achterbuertgesin, mar út rikere buerten, dan silst soks nea begripe. Dy skoanmem fan myn soan bygelyks, dy't tige beskerme opgroeid is, neat fan arbeidersfamyljes wit, begrypt niks fan de wurden fan har beppesister – hoe't se soks ek mar yn de plasse krijt. Se sil ek nea leauwe kinne dat dy reaksje fan dat famke te krijen hat mei myn ferhaal, dat ik har ferteld haw.

Dy frou komt net iens op it idee dat jo soks beprate mei sa'n lyts krommeltsje. Sij hat dan ek nea mei de honger yn de hals rûn, sij hat nea op swart sied sitten, sij hat nea in mem hân dy't út wanhoop oan de gaskraan hong. Sij wit neat fan de echte wrâld, dêr't minsken soms as stront behannele wurde.

Ik kin har mei myn ferhalen heine en slaan, ik kin har manipulearje sa't ik ek myn dochter stjoerde en liede, doe't se opgroeide. Ik doch it oars as Medea, ik doch it yntelliginter, mar eins wreder. Der siet yndied mear yn my as wat se tochten. Foardat ik dea gean wol ik alles fêstlizze, foaral foar de bern.

Ik haw dy skoanmem al ier en de betiid diskreet ynformearre oer myn eks – de pornoskilder dy't sa read is as in kraal. Opgroeid yn in grifformeard miljeu is se deabenaud foar sok folk. Se wol as beppe dat dy lytse bern nei in fine basisskoalle geane, en dêrnei nei it grifformeard

middelber ûnderwiis. It is in slach yn it gesicht fan myn eks, de pake fan dy bern, dy't altyd fochten hat foar it iepenbier ûnderwiis. Hy leaut net yn apartheid. Ik trouwens ek net.

De skoanfamylyje wol gjin ultralinkse ynfloed op har bern - op kadootsjes, ferhaaltsjes, tekeninkjes en alles wat pake stjoert reagearje se net. As hy of syn partner yn 't sikehûs lizze negearje se soks. Se hawwe yn de fyftjin jier dat se mei myn soan te krijen hawwe mar trije of fjouwer kear mei de 'oare' pake skille. Se rydboskje fan sa'n keunstner as pake foar har bern. Ik hoegde hjir neat te dwaan, se kotse fan natuere al fan sokke linkse duvels.

Ik haw wol heard dat myn eks-reptyl bidden en smeke hat om mear kontakt mei de pakesizzers - myn skoandochter seit ja, mar se docht nee. Se hat it altyd oer 'ús soart minsken', en dêr hearre in linkse pake en syn útwrydsk bûtenlânsk frommes net by. Sa'n skoanfamylyje is foar my goud wurdich yn myn striid tsjin it reptyl.

It binne myn feiten en it is myn ynterpretaasje. Ik haw slachtoffer west, op ûnderskate wizen, mar dat hâldt net yn dat jo jo der by dellizze. Myn wraak op it libben hat swiet west. Foar mysels.

Us mem wie in sloof. Dat wist ik net doe't ik noch in famke wie, mar dat seach ik heel skerpe doe't ik âlder waard. Ik haw my tiden foar har skamme. Nea haw ik fan immen heard oft dat al foar har trouwen sa wie, of dat it nei dat houlik begûn. Se is let troud.

Oant dy tiid hat se altyd by oaren wurke - húshâldings opromje, waskje, iten siede, de bern fersoargje, en soms de man ek haw ik wol begrepen. Se kaam út in famylje fan fjouwer, twa famkes en twa jonges. Nei de legere skoalle

gongen de jonges daalk oan it wurk, ek foar har waard in wurkplakje fûn. Har jongere suster mocht in jier trochleare, mar dat mislearre folslein. Letter bewearde dy dat se de middelbere skoalle ôfmakke hie. Se hie it krop heech, en fûn harsels folle better as ús mem. Se seach op har del. Se die lytsachtsjend oer har, as soe se net doge, as hie se se net allegearre op in rychje. Us mem prate hast net.

Dy suster wie in frou fan de wrâld - dat tocht se - omdat se oan in bûtenlanner hingjen bleaun wie. Se koe prate as in tsjetterjende mosk. Us mem foel folslein fuort fergelike by har. Ek uterlik. Ik wit net oan wat ik my it meast steurd haw, oan dat geswets fan dy muoike, of oan dat swijen fan ús mem. Ik fûn beide ferskriklik. Ik woe der eins neat mei te krijen hawwe, mar sa lang as ik thús wenne moast dat wol.

Dit ferhaal is benammen in ferhaal foar famkes en froulju. Dy wurde it measte en it maklikst knoeid. Ik wit it út ûnderfining. Lear my se kennen, de reptilen dy't myn libben bepaald hawwe. Ik skamme my foar ús mem, mar letter haw ik sels meimakke hoe't it is as jo ôftanke, ferskopt en ferhûddûke wurde.

Us mem siet yn in ûnmooglike posysje, se koe gjin kant út. It wie yn de begjinjierren tritich. Se wie ûnsjoch, mar lykas in freondinne fan har dy't ek net de moaiste wie woene se net frijfaam bliuwe en altyd foar oaren soargje. Sokken waarden de ferskoppelingen yn de famylje. Net trouw betsjutte allinne mar slove mei sprate skonken.

Bin ik te bitter? Nee, ik bin realistysk. Ik wol foaral beskriuwe wat de achtergrûnen binne fan myn hanneljen, fan myn achterfolgjen fan guon minsken. It rjocht yn eigen

hân nimme, mar net deastekke, net fergiftigje, mar op in oare wize. Ik mien dat ik dat rjocht haw. Alles út namme fan myn beppe, ús mem, myn dochter en mysels. Ek froulju hawwe rjochten. Dat hawwe my de sechtiger en foaral santiger jierren leard.

As in maatskippij net yngrypt, moatte jo it sels dwaan. De wierheid moat beskreaun wurde. Dy fan de helden en de heldinnen, mar foaral dy fan de ferliezers, de bidders, de wurksters en de slavinnen dy't faak allinne mar brûkt wurde. Doarden se de bek net iepen te dwaan, of waarden se twongen troch de brute macht?

Ik wit it net. Ik haw it nea begrepen, en al helendal net akseptearje wollen. Doe't ik seach hoe't ús mem sloofde, skrepte en hele dagen - earst by oaren en dêrnei by harsels - skjinmakke, wosk en de boel opromme - by wiven dy't neat diene en allinne nachts de skonken spraten, mei de earmen oer elkoar sieten en mei soartgenoaten rabben - doe belofde ik mysels dat ik nea sa libje woe.

Ik soe der foar soargje dat myn libben wat oantrekliker waard. No moat ik lykwols erkenne dat it net in soad ferskeelt fan dat fan ús mem. Dy stakker hat op har wize wraak nommen, ik doch it op myn wize - wreder, mar foaral stadiger en yntelliginter. Ik woe net lije sa't ús mem lijd hat.

Ik moat it nedich oer it aartsreptyl hawwe - ús heit - dy't oan it begjin stiet fan alle ellinde. Us heit soe trouwe mei in frommes út de Stêd. Se wiene al ferloofd. In pear moanne letter ferdwûn dy frou mei in âlde leafde ynienen nei Amearika. Us heit hearde it fan in freon, op de freedsmarke yn de Stêd dêr't er as feeboer alle wiken hinne gong. Dy



freon hie ferkearing mei in freondinne fan ús mem. In hele oare frou, mar ek ôfkomstich út in arbeidersfermidden. Se kamen út itselde doarp, en hiene op deselde skoalle sitten, letter op deselde fammeferiening. De freon fan ús heit stelde út elkoar te moetsjen. No't de ferloving sa wreed útskuord wie moast der wat barre.

In boer sûnder wiif wie ommers neat. Dan bedarren jo by de huorren, en faaks noch slimmer. Ik hear it ús mem noch sizzen. Dat ús heit ferloofd west hie makke him foar har noch oantrekliker. De man hie ferlet fan in frou, en hy wie de jongste ek net mear. Sa'n kâns soe se fêst net wer krije.

Us heit skynt neffens de ferhalen fan dy freondinne fan ús mem al lang bliid west te hawwen, dat er wer oanslach hie. De skande dat in frou him samar sitten litten hie koe fergetten wurde. Se trouden binnen in healjier. Us mem koe har neare bestean ferwikselje foar in better libben. Tocht se. Se hie in boer, se koe helpe op de buorkerij, foar it swiere wurk hie se in faam.

Myn suster hat my dat ferteld, sij hat it libben fan ús mem as boerefrou as âldste in fiif jier bewust meimakke. Se hie nea foar boerefrou leard, se wie wurkster, se hie slavinne west fan de jet-set yn de Stêd. Se koe no har eigenwize suster de eagen útstekke, mar dat duorre net lang. Se hat der nea oer prate kinnen.

Us mem prate oer neat. Ik haw wol tocht dat se in autist-avant-la-lettre wie. Oft se stom slein wie troch it libben, of gewoanwei gjin prater haw ik nea achterhelje kinnen. Se raasde om oaren te oertsjûgjen. Mar dat wurke net.

Myn suster dy't my in soad oer eartiids ferteld hat tocht

dat it kommen wie doe't se út de buorkerij skopt waard. As in skurve hûn, as in melaatsk wiif. De skok hat sa grut west dat se ophâlden is mei praten. As ik my de sitewaasje goed yntink sjoch ik alles letterlik foar my.

Ik kin der noch wol om janke. It befêstiget my yn myn hâlding dy't ik al frij lang oannim - it rjochtfeardiget myn hanneljen. Reptilen dogge mar, se doge yn de grûn fan de saak net. Se besjogge froulju as objekten. Us mem hat dat ûnderfûn, ik haw dat meimakke, en mear froulju yn de famylje hawwe lijd troch de oarloch tusken froulju en manlju. Guon wisten net iens dat se lijden, ôfstompt en naaid sa't se as objekten behannele waarden.

Op de stjelp dêr't se wennen, wenne ek noch in âldere broer fan ús heit. Der hie noch in broer west, mar dy wie frij jong stoarn oan de tarring sa't se doe seine. De beide broers wiene likefolle eigner fan de buorkerij. Dy broer fan ús heit hie trouw west, mar syn frou wie mei it earste bern yn it kreambêd stoarn. Dy broer hie it net wer besocht. Hy wenne yn ien fan de grutte foarkeamers. Sliepte yn in bedstee. Us heit hie earst by him en syn frou ynwenne, no hiene se de rollen omdraaid.

De beide manlju hiene al heel wat húshâldsters fersliten en wiene bliid dat der wer in frou op 'e buorkerij kaam. Der wie help fan fammen dy't meimolken, en yn 't foarein wurken. Us mem hie oant no ta altyd oarders en befellen opfolgje moatten, no koe se dat sels dwaan - sij moast sizze wat der dien wurde moast. Se wie net opgroeid yn sa'n wrâld dêr't je de baas wiene. Har suster hie it faaks kinnen, sij koe it net. Se hie gjin gesach, de fammen laken har gewoan út en diene wat se sels tochten dat it bêste

wie. Allinne de boer koe harren stjoere. Us mem wie der glêd mei oan. Nei de trouwerij rekke se al gau swier.

Us heit hie lang drûch stien. Hy wie al midden tritich, en no't syn broer it sitte liet moast hy foar neiteam soargje. De dei dat ús mem yn ferwachting rekke feroare har wrâld. Se wie faak siik, de fammen diene wat se woene, en yn feite hearske de âldste broer fan ús heit oer de buorkerij, wie hear en master yn in grut part fan it wengedielte. Us mem kaam der yn om. Se sloech ek wol op 'e rin, en dan moast der ekstra help komme. Se koe it net oan.

Op in stuit besleat de broer fan ús heit dat er sels in húshâldster hawwe moast. Se koe syn keamer en it bedstee op oarder hâlde en út en troch ek helpe yn de keuken, want ús mem wie nea op tiid. Dy omke woe om healwei twaen in knipperke dwaan. Net in heal oere letter. Us mem kaam hast neat mear út 'e hannen. Se koe skjinmeitsje, want dat hie se jierren dien, mar om op 'e tiid it iten klear te hawwen - nei melken, middeis en jûns - wie se net by steat. De húshâldster fan de omke wie de oplossing.

Doe't myn suster berne waard, de earste fan in rige fan fjouwer yn seis jier, rekke ús mem helendal fertize yn de fersoarging fan dat lytse hummeltsje. Se kaam der yn om. Us heit en syn broer besleaten om permanint sân dagen yn de wike in húshâldster oan te stellen. Us mem hie dan tiid foar harsels en de lytse. Dêrnei kamen en gongen de húshâldsters. Se koene faak net oerwei mei ús mem. Dy joech heale befellen, die bazich, mar wist net wat se woe.

## TWA

As neat eat wurdt bart it faak dat der problemen ûntsteane – se witte net hoe't je opdrachten jaan moatte.

As ús mem har sin net krige begûn se te razen. Har suster fertelde dat se soks al die as bern. Dat is dan ek har hele libben sa bleaun.

Myn eks-reptyl hat oer sa'n frou in skilderij makke. Dy frou kaam út syn doarp. Froulju dy't fia har lichem omheech klommen wiene en dan har macht sjen litte woene oan eardere kollega's. Ik haw myn bern ferteld dat harren heit in skilderij oer ús mem makke hat en har dêrmei de gek oanstekt. Dy bern leauwe dat, dy hawwe gjin benul fan skilderkeunst. Foaral myn dochter fynt it ferskriklik dat har beppe belachlik makke is. Se wit neat fan it âlde doarp fan har heit.

As ik tink oan dy sitewaasje dêre op de pleats, dy omke mei syn eigen keamer en bedstee, oan dy húshâldsters dêr't ús mem neat mei koe – en sij neat mei ús mem – dan moat it dêre in húshâlding fan Jan Steen west hawwe.

Dy omke hâlde tsjin betelling – hy hjitte net om 'e nocht Gerryt Goudkul – ek wol in frou in nacht oer. Hy trof se op de feemerk yn de Stêd, yn de kroegen dêr't se betsjinnen. Sa'n frou kaam dan moarns foar 't ljocht as dy omke al lang en breed ûnder de kij siet.

Us mem koe der net oer. Se skold sa'n wiif de hûd fol, begûn te razen oant ús heit it spul delbêdzje moast. Dy frou kaam net wer. De bruorren fleagen elkoar nei de strôt. Rûzje yn 'e keet wie it gefolch.